


Skikky



Dizze Skikky is fan: _____





Fossile brânstoffen

Elke dei skynt de sinne. De sinne jout enerzjy. Troch dy enerzjy kinne planten groeie. Yn 'e hjerst stjerre in protte planten ôf. Soms komme de planteresten yn 'e grûn of ûnder wetter telâne. Der sit dan noch altyd enerzjy yn. Dat giet al miljoenen jierren sa. Al dy âlde planteresten binne stadich oan feroare yn stienkoal, ierdoalje, gas en turf. Minsken witte al hiel lang dat dit spul goed brâne wol. Hiele âlde dingen dy't yn 'e grûn sitte neame we fossilen. Dêrom hjitte stienkoal, ierdoalje, gas en turf ek fossile brânstoffen.

Yn Fryslân sit in protte turf yn 'e grûn. Dy grûn neame we feangrûn. De feangrûn is op guon plakken wol twa meter dik. Turf wol goed brâne as it droech is. Dêrom groeven de minsken it eartiids ôf. As it fean ôfgroeven wie, kaam der wetter op dat plak. Sa ûntstiene petgatten en puollen. Turf waard ferbaarnd yn in kachel. Letter brûkten de minsken faker stienkoal. Dat hellen se yn Limboarch út 'e grûn. No ha we allegear sintrale ferwaarming yn 'e hûs. Sintrale ferwaarming wurket op gas. Fan de oalje meitsje we foaral benzine foar de auto's.

Opdracht:

Set de nammen fan dizze marren en puollen yn alfabetyske folchoarder.

Tsjûkemar, Brandemar, Snitser Mar, Hegemer Mar, Fluezen, Lauwersmar, Ringwiell, Pikmar, Nannewiid, Morra.

1. _____
2. _____
3. _____
4. _____
5. _____
6. _____
7. _____
8. _____
9. _____
10. _____






Taal 4 tiid

Opdracht 1.

Op 'e pau komme wurden fan 6 letters. De lêste letter fan elk wurd stiet op syn búk. Sjoch nei de plaatsjes en skriuw de wurden goed op.



Opdracht 2.

Skriuw alle wurden noch in kear op. De wurden dy't yn it Nederlânsk en it Frysk gelyk skreaun wurde komme yn de earste rige. De wurden dy 't yn it Frysk oars skreaun wurde komme yn 'e twadde.

GELYK	OARS







Wenje

De arbeiders yn it fean wennen
 froeger yn hiele lytse húskes.
 Soms wiene de muorren fan
 seadden en it dak fan reid. De
 minsken sliepten yn in bedstee of
 gewoan oer de grûn. Se moasten
 hurd wurkje en fertsjinnen hast
 neat. It wie in drege tiid. Gelokkich
 ha wy it no folle better yn ús
 moaie grutte huzen.



Opdracht 1.

Net allinne minsken sykje in plak om te wenjen, bisten dogge dat ek. Sykje by de bisten it goede hûs.
 Kies út: 1.hûn, 2.hynder, 3.bij, 4.earrebarre, 5.ein, 6.blokmieske, 7.mol, 8.spin en 9.knyn.



1	2	3	4	5
---	---	---	---	---

6	7	8	9
---	---	---	---

UUUUU



Skikky

UUUUU

Skiednis 4 tiid



Skûtsjesile

Yn Fryslân binne in protte wetters en marren. Dêr wurdt simmers in soad gebrûk fan makke. Fansels it meast troch rekreanten mei boaten. Op 'e wide marren kinst ommers prachtich sile. Froeger waard der ek al syld. Bygelyks mei skûtsjes. In skûtsje is in frachtskip. Der waard grûn, ierpels, sûkerbiten en turf mei ferfierd. De skipper, mei frou en bern, wennen oan board. It wie harren wurk. Nei 1950 kamen der nije frachtskippen. Dizze wiene grutter as skûtsjes en hiene in motor. In protte skûtsjes binne doe omboud ta wenboat of wedstrydskip.

Fanôf 1945 sile de skûtsjes fan de SKS (Sintrale Kommiske Skûtsjesilen) elk jier alve wedstriden. Der dogge 14 skûtsjes oan mei. Oan it teken yn it seil kinst sjen hokker skûtsje it is. De measte skûtsjes hearre by in doarp of in stêd. Sa komt it skûtsje mei de J yn it seil fan de Jouwer en it skûtsje mei de G fan Grou.

Opdracht 1.


Fjouwer skûtsjes fan de SKS ha gjin letter yn it seil, mar in oar teken. It binne in wetterpoarte, in liuw, in swan en in moanne. Kinsto útfine út hokker plak dizze skûtsjes komme?

Wetterpoarte: _____ Liuw: _____

Swan: _____ Moanne: _____

Opdracht 2.

Tekenje sels in skûtsje op 'e mar. Set ek in teken yn it seil.





Krúswurdpuzel

Yn de puzel sitte dizze wurden twa kear:


hapke, eilân en pûkel

Kinsto se op it goede plak sette?

Yn dizze puzel sitte: **otter, troan en narje.**

1		2		3
2				
3				

1		2		3
2				
3				



Sudoku

Yn dizze sudoku brûkst de sifers 1 oant en mei 6.

Se sitte yn elke kolom, rigel en yn elk hok

	2		6		
	1	6			3
				2	1
		3			
2				5	